

# 'Feestlift': fjouwer skriuwers, ien boekewikegeskink

## Boekrecensie

Jaap Krol

Stichting It Fryske Boek bestiet 75 jier. Reden om in spesjaal boekewikeboek út te bringen, ûnder de titel *Feestlift*. It is in ferhalebondel mei fjouwer ferhalen fan fjouwer mystery skriuwers. Dizze ferhalen binne de winners fan in priisfraach dy't de stichting ûnder skriuwers útskreaun hat. 'As jo de fjouwer bebroande ferhalen fan *Feestlift* lêzen hawwe (...), sil it jo, tûk as jo binne, net swier falle de nammen fan de fjouwer priiswinners te rieden', stiet yn it foaropwurd.

Dat is fansels noch mar de fraach. Gefoelige ferkeapsifers en de lytse maatskiplike sinjaalfunksje fan Fryske auteurs smyt de fraach op oft skriuwers eins wol bekend binne ûnder brede lagen fan de ynwenners fan Fryslân. Better is it om dit boekewikeboek as in momintopname te sjen.

It earste ferhaal hjit *De Fioele*. In flechte frou fan Bosnyske komôf is har famylje troch de etnyske haat kwytrekke. As se in man fioelspyljen heart, jout se har oer oan syn ferliedingskeunsten. Mar dizze man is net samar in fioelspiler, hy komt folle tichterby as se wol en lit har achter mei in ferwoestend geheim.

### Misdied

It *reade fytske* giet oer in man dy't fertocht wurdt fan in swiere misdied. Foar syn aliby hat er de help nedich fan syn eks-feondinne, mar dy is krekt op reis gien. Hy móat har dus fine. De karrûsel oan barrens liket de haadpersoan hieltyd djipper de ellinde yn te stoarten. *Wetterloo* is it ferhaal oer de fisk Foarn, syn

maat Snoek, harren kunde Iel en de fijânlike famylje Mûdhûn. De gefoelige Foarn en it rôfbist Snoek binne fisken dy't op leeftyd komme. De jongere iel freget harren om rie, mar konfrontearret harren ek mei harren tekoartkommings. Omsjen kin foar it gefoelsbist Foarn in pynlike saak wurde. Of dochs net?

It fjirde ferhaal, *Deus ex*, giet oer in man dy't nei in swier ûngelok yn in fersoarchhûs bedarre is, dêr't er akseptearje moat dat er yn in weintsje sit, mar ek dat er syn eks-feondinne definityf kwyt is. Syn dagen bestean út it spyljen fan (as ik it goed ha) it kompûterspul *Second Life* en it ôfblaffen fan it personiel, ynklusyf in fersoarchster, dy't deselde namme hat as syn eks.

### Serieuze toan

It slagget de skriuwers in flot rinnend ferhaal te skriuwen. It slagget de skriuwers net allegear om op ferantwurde wize te oerdriuwen. Serieuze toan yn in realistyske omjouwing oerhearsket yn *Feestlift*. Dit 'serrealisme' makket *De fioele* ta in yntiem ferhaal, dat lykwols liedt oan gefoelsynflaasje. It *reade fytske* is ûnferwachts spannend, mar wolris wat beneamerich. *Deus ex* is in benearjend ferhaal mei in strakke komposysje. *Wetterloo* is troch syn serene sfear en komyske útsjitters in eigenwize bûtensteander.

By in folgjende momintopname soe ik wol wat mear fan dy eigenwize bûtensteanders sjen wolle.

**i** Op 23 maart wurde de skriuwers fan de fjouwer ferhalen fan it Boekewikegeskink 'Feestlift' bekend makke. Lêzers krije oant 21 maart de tiid om in listke mei skriuwersnammen yn te stjoeren. Dat kin mei in kaart yn 'Feestlift' of in elektroanysk formulier op it webstee [fryskeboek.nl](http://fryskeboek.nl)

FD 25/2 2009